

—
Syds Wiersma

Troch de traaljes fan de foarm hinne brutsen

Besprek dichtbondel Rozige Maanvissen
fan Sytse Jansma

—

Oer de bondel *Rozige maanvissen* fan Sytse Jansma is al in soad skreaun. Terjochte: it is in sterke bondel oer in oangripend tema. De bondel waard foarich jier beëanne mei de C. Buddinghpriis en koartlyn ek nochris nominearre foar de Herman de Coninckpriis 2025, de Flaamske poëzypriis foar de bêste oarspronklik Nederlânsktalige dichtbondel. Dat is in seldsume eare foar in dichter út Fryslân, dy't mei *Rozige maanvissen* foar it earst in folslein Nederlânsktalige bondel publisearret. Guon neame it syn debút as Nederlânsktalich dichter. Dat liket my net hielendal te kloppen, want Jansma syn foarige bondel *As nomaden yn tinten teplak/Als nomaden in tenten terecht* is in twatalige bondel en ik soe de Nederlânske fersen yn dy bondel net daliks degradearje wolle ta inkeld oersettings fan de Fryske. Mar hawar, dat in is in mineure kwestje. Debút of net, it giet om de poëzy en dêr is hiel wat oer te sizzen.

Mar earst in fraach. Wêrom in Nederlânsktalige bondel besprekke yn in Frysk literêr tydskrift? It flauwe antwurd is: dat moatte jimme de redaksje fan *Ensafh* freegje, want dy hawwe my frege foar in besprek. It folsleine antwurd is: de redaksje stiet op it stânpunt dat Nederlânsktalige literatuer net besprutsen wurdt yn it tydskrift, mar nei it winnen fan de Buddinghpriis kaam it idee op om de bondel yn it bredere ramt fan de poëzy fan Sytse Jansma te skôgjen. Dat like my wol in nijsgjirrich aventoer en ik bin dêrom op de fraach fan *Ensafh* yngien.

Omdat ik oars ferlykbere ynliedende wurden brûke soe, sitearje ik earst in part út it sjueryrapport fan de Herman de Coninckpriis, dat de bondel tematysk sekuer delset:

'Met *Rozige maanvissen* schreef Sytse Jansma een ontroerende en overtuigende, diep doorleefde bezinning over verlies, verdriet en rouw. Leven en dood worden in deze bundel dicht bij elkaar geschreven. De romantisch aandoende titel kan maar een ogenblik lang het vertrekpunt van de bundel verhullen: het harde en meedogenloze feit dat de dood van de geliefde tot de mogelijkheden van het leven behoort. Jansma's bundel volgt de emotionele beweging van het rouwproces: van de aanvankelijke ontzetting omdat een lege plek niet meer in te vullen is, en de lichamelijke herinnering aan een intens beleefde erotiek – geen evidentie in een bundel over de dood – tot het besef van een poëtisch hiernamaals waar de dode geliefde zich in woorden schuilhoudt. De bundel brengt niet alleen een verslag van dat proces uit, maar voltrekt het mee (...). Aangrijpende poëzie ontstaan uit een rauwe, authentieke ervaring en geschreven met grote taalbeheersing.'

Minder seit it sjueryrapport oer de opbou en foarm fan de bondel, wylst dy tige goed trochtocht is en dúdlik in hâldfêst is om it ôfgryslke – it ferlies fan de grutte leafde, in jonge frou út it libben skuord, de wanhope fan de achterbliuwer – te ferwurdzjen en in plak te jaan.

De struktuer fan de bondel is strak en helder, mei fjouwer skiften fan tolve fersen. Binnen elk skift hawwe de gedichten in selde foarm en yn elk skift is dy foarm oars. It konsekwinte fan opbou en foarm fielt as it ûnearlike spylfjild dêr't de dichter it mar mei dwaan moat. Tarre út de romte, lykas yn de eardere bondels fan Jansma, is der net by. It is oan de dichter om troch de traaljes fan de foarm hinne te brekken en de leafste te ferbyldzjen sa't er har by him hâlde wol en fierder libje litte kin. *Rozige Maanvissen* stiet sa yn de tradysje fan it klassike tema fan Orpheus, dy't him weaget yn de ûnderwrâld om syn leafste fêst te hâlden en tefoarskyn te sjongen.

Dat sjongen begjint by Jansma yn de boppewrâld. It earste skift fan de bondel lêst as deiboeknotysjes; fan de intensive care oant de earste nacht nei de útfeart yn it fertroude mar no fierste grutte bêd. De tolve brede gedichten fan acht rigels, sûnder haadletters en punten, lêze as in keatling reaun, as ien gedicht. De attack, dy't der daliks yn it earste fers yn klap, rint oan 'e ein fan it earste skift út op in hoastjen 'in de as van je kraters' (s. 20). Nettsjinsteande de panyk en it wanhopige smeekjen om kontakt docht de dichter syn bêst om minusjeus te beskriuwen wat der mei har en himsels bart yn de wike fan it ferstjerren en it ôfskie:

(...), dit is niet bij te benen, elke dag
gaat er meer van jou voorbij – ik vraag mezelf
bij je naar binnen, wie buitelde er al die jaren

door mijn dagen? wie verzette zich altijd
tegen de genadeloze stijfkou (...) (s. 15)

Omdat it sa werkenber is en tagelyk sa goed en goudearlik beskreaun, grypt it by de strôt. It earste gedicht set daliks de toan (s. 9). It hinget oan de kapstokken fan de rigels 1, 5 en 12: 'dat dit tot de mogelijkheden behoorde (...) wat er toen gebeurde (...) zo is het gegaan (...)'. It gedicht einiget mei in bekentenis oan de leafste en de lêzer, dy't tagelyk hast as in ferûntskuldiging klinkt foar de poëtyske reis dy't folgje sil: 'zo is het gegaan, zachter dan dit kan ik niet'.

Yn it twadde skift folge op 'e nij tolve fersen, dy't no elk fjouwer brede rigels hawwe. En der hat in wiksel fan perspektyf plakfûn. Wy sitte yn de oantinkens oan de leafste, en dan benammen de eroatyske. Wy belibje har libbene liif. Se is hjir gjin 'ik' mear, mar 'sy', 'har': 'zij bepaalt, blijft zo de kannibalen in mijn hoofd kietelen, zodra / ze loenst mag ik opklimmen tegen de zijanten van haar dijen' (s. 25). It tolfde gedicht is it oangripende ein fan dizze liiflike reis en wiist tagelyk foarút nei in nije episoade:

nu zij zich terug in de dekens heeft gedraaid, staar ik haar
nog minutenlang na, mijn maanblank slaapnaakt, haar hoofd
onderweg naar het hoogste denkfirament, verlies me maar
fluistert ze, verlies me maar in de lange adem van de nacht (s.34)

Yn hokker lange azem fan de nacht nimt de dichter ús yn it tredde skift mei? Allerearst feroaret de titel. De earste beide skiften hjitte 'lichaam 1' en 'lichaam 2'; it ferstoarne en it libbene lichem. It tredde skift hjit 'post'. Dêr't de titels fan de fersen yn de earste beide skiften nûmers fan 1 oant 12 binne, hjitte se no 'brieven'. De fersfoarm wurdt frij. De rigels hawwe gjin fêste lingte mear en it oantal rigels fariearret ek. Post: tolve brieven fan de dichter oan syn leafste. Wy komme yn de faze dat er in gruttere ôfstân oerbrêgje moat en kontakt siket troch har te skriuwen. Hy kin net oars, hy moat har by har hâlde, want hy wit: 'wie ziet jou op het dakterras / als ik er niet meer ben?' (s. 37). Guon saken dogge krekt as is der neat bard, bygelyks abonneminten (s. 39): 'er komt nog steeds post binnen / op jouw naam // abonnementen die maar doen / alsof er niets is gebeurd // er is niets gebeurd // zodra ik 's ochtends opsta / spurt de kat nog naar de gang'. Ek de ierde docht sa oan: 'pruisisch en blauw // blijft maar walsen / om haar eigen as'.

Miskien om út de pine fan dy deistige konfrontaasje te brekken, giet de dichter op reis. Dan komt de fraach op hoe fier oft har brieven reizgje moatte foardat se by him oankomme. Yn de Himalaya, op it dak fan de wrâld, oppenearret him de paradoks fan har oanwêzigens, fierôf en tichtby tagelyk.

Hy sjocht de sherpa's nei in swiere klim út 'e liken stoarjen yn it gletsjer-
ljocht:

is dat dan wat je geworden bent?

liggen je brieven bevroren
in een taal van een oerstille moeder?

hoe komt het dan
dat ik weet wat je zegt? (s. 41)

Dy nije, betiizjende foarm fan oanwêzigens beskriuwt de dichter mei in prachtich byld: 'vergeetmevlies'. It is in wurd dat in metafoar en in gearstalling is. Om har by him te hâlden begjint de dichter de taal op te rekken en út te wreidzjen mei nij fokabulêre. In flues is tin: ien prik der trochhinne en bist wer by har. Mar it bliuwt in flues, in skiedingswand dy't hieltyd faker tuskenbeide komme sil en dêrom ek in foarsizzing ynhâldt: ferjit my... oars kinst net fierder:

je bent er nog, maar minder

steeds meer in de dingen,
tussen de dingen in

als vergeetmevlies (s. 43)

Yn it lêste gedicht fan dit tredde skift wurdt it 'daar en hier' fan de leafste delset mei in eksploazje fan persoanlike bylden dy't de dichter ferbynt mei de natoer. Hy set syn kreaasje fan nije wurdgearstallings fierder troch en makket fan guon sels tiidwurden (s. 48): 'hier roesreis je door je innerlijk azië / (...) / hier partitureluren de vogels je mooier dan ooit'. De leafste is in romte- en tiidreizger wurden: 'daar zweef je door de hoge hoed van het heelal / (...) / daar drink je met kleine teugjes de uren uit de tijd'.

Dat smyt de fraach op wat de betsjutting fan in 'hiernamaals' wêze kin. Wêr reizget se hinne en hoe bliuwt se ferbûn mei de minsken dy't har misse moatte? Sokke fragen kinne inkeld mannichfâldich beäntwurde wurde. Yn it fjirde en lêste skift ûntdekt de dichter de nije besteansfoarm fan syn ferstoarne leafste yn tolve 'Hiernamaalsvariaties'. Dy fariaasjes wurde fersterke troch it ferskaat oan foarmen dat de dichter dêr begjint te brûken: poëzy mei in strakke stofyske opbou, frije gedichten en ien fers sûnder wytrigels dat in

opsomming is. De oansprekfoarm út de foarige trije skiften – 1: jij – 2: zij – 3: jij – wurdt yn dit lêste skift ek ôfwiksele, soms sels yn ien gedicht.

It skift begjint mei in gedicht dat in sêne yn in foyer fan in teäter is. De foarstelling is dien. De 'jij' sit noch midden yn it stik en fol mei fragen. En dan yn de slotstrofe komt it brekpunt:

zo zal het gaan: je schrikt op uit jezelf,
laat los, valt uiteen, dwaalt, ontdekt, komt
ergens aan, vloeit weer samen, went eraan,
gaat verder als een ander die je altijd al was (s. 51).

Bysûnder yn dit gedicht is dat de 'jij' likegoed de ferstoarne as de achterbleauwe wêze kin. Beide skrikke wekker en moatte fan it iene op it oare momint sûnder inoar fierder en harsels opnij útfine 'als een ander die je altijd al was'. It fers is boppedat in gearfetting fan de foargeande skiften en set de lêste rigel fan it earste fers fan de bondel – 'zo is het gegaan, zachter kan ik het niet' – om yn in dûbeld 'zo zal het gaan: de voorstelling is afgelopen' en 'zo zal het gaan: je schrikt op uit jezelf'. It persoanlike lot fan de dichter wurdt hjir ferbrede ta it dield lot mei alle lêzers: dit is wat der barre sil, dit stiet ús te wachtsjen, wy fiele it allegearre.

Yn de syktocht nei wêr't sy no wêze kin, dy't ek de ferbylding is fan wat sy op har reis troch de wrâld fan 'eeuwig en altijd' fine mei, krije dichter en muze allebeide antwurden. Hy fynt har yn de deistige dingen dy't der altyd binne om in earder tegearre wêzen op te roppen (s. 53): kofje mei in stroopwafel, in hjerrinkje helje by de fiskboer, it spinnen fan de kat, in folle kuolkast (s. 52). Ek beskriuwt er hoe't syn omjouwing mei har ferbûn is: '(...) je kijkt / en kijkt tot er een wereld opent / van eeuwig en altijd, hoe zij / (...)'. Sy sjocht ek om har hinne en 'herkent de blauwe haven / het zilveren licht op de pleinen / (...) / ze weet: iemand heeft dit eiland / voor haar blootgedroomd / ze noemt het havanna / maar weet: het behoeft geen naam' (s. 54). En it sil by einbeslút net útrinne op in ferjitten mar op in flues dêr'tst trochhinne sjen kinst en in yn wrâld te fielen is: 'ze noemt het geen vergeten worden / maar deinen tussen kleurig koraal'.

Yn de gedichten dêrnei folge op 'e nij oantinkens, mar oars as yn de eardere skiften freget de dichter him no ôf oft syn leafste al oankaam is op plakken dêr't se tegearre west hawwe. Hy beskriuwt dy plakken en freget as er har yn Tikkidunga sjocht: 'zouden de hommels al holi holi? / haar huid al stuifmeel? zou ze mij nog?' (s. 55).

Dat lêste is net mear in fraach út wanhope wei, mar is yn dizze faze fan rou in nofteren eksistinsjele fraach wurden: as sy de grins fan de dea oergien is, hoe lang is se dan noch by my, yn hokker foarm kin ik har fêsthâlde, en as ik

loslit wat en wêr bliuwt se dan? Yn dizze fragminten út de lêste gedichten fan de bondel in pear farianten fan it antwurd:

op de eerste spasmen van de maas, hier ergens / moet ze zijn, ademloos
(s. 56)

daar is zij // rustig overdenkend wanneer ze in een vlucht / van parachutedruppels zal neerzweven (s. 57)

pr pr prrr als naalden krassend in vinyl, cats purring / themselves zen met
sonore buikschaalklanken (s. 59)

Dan it slotgedicht fan de bondel, ek it titelgedicht. De dichter leit har te plak yn de wrâld dy't syn spesjaliteit is (s. 62):

ergens in de taal is zij nog

in woorden die duurloos
en momentenbreed ronddobberen

als rozige maanvissen

haar zoeken is woorden aftasten
die haar nog niet kennen, ze omvormen

tot ze fingerspitzenvinnen krijgen
om haar bij zinnen te zwemmen

Dit fers is eins in lytse poëtika, want it giet net allinnich oer har of oer himsels mar ek oer de poëzy. It begjint earne yn de taal, mei tiidleaze en tagelyk tydlike wurden, en ferfolgens moatte dy wurden, dy't har noch net kenne, omsmeid wurde mei in persoanlike taast en gefoelichheid; oars kin se net tefoarskyn komme. Poëzy is de keunst fan 'haar bij zinnen te zwemmen'.

Hjir sitte wy midden yn it âlde Orpheus-motyf. De dichter-sjonger krijt syn leafste net werom troch yn de ûnderwrâld achterom te sjen. Dan ferdwynt se. Hy moat foar him út sjen en him by it sjongen hâlde en by de wurden dy't stil en fol yn it momint binne. As fisken. Mar dan wol moannefisken. Sterker noch, rôzige moannefisken – de kleurige fisken fan de ferbylding.

Rozige Maanvissen lit ús fjouwer ferskate fazen fan rou sjen by de ferwurking fan it grutste ferlies wat ús oer komme kin, de leafste. De sjuery fan de

Herman de Coninckpriis slacht de spiker op syn kop: de bondel is folle mear as in ferslach fan in rouproses; it is in rouproses en foltôget dat, en it lûkt de lêzer mei yn dat proses. De lêzer dy't de skriuwer sels wurdt, dat is ien fan de grutste dingen dy't literatuer bewurkje kin.

It is de knappe ienheid fan ynhâld en foarm dy't de bondel ekstra bysûnder makket. It iennichste foarmelemint dat my by it lêzen no en dan yn de wei sit, is it oerdiedich brûken fan de al neamde kreative wurdgearstallings. De foarbylden dy't ik joech, brocht ik nei foaren om sjen te litten hoe't de dichter net oars kin as de taal oprekke en dy soms geweld oandwaan. Sokke frjemdsoartige, ferrassende oprispings binne likegoed rôzige moannefiskens dy't út de taal fan de dichter tefoarskyn swimme. Hoe oars sille jo in leafste befrije út de kâlde dize fan de dea? Dat kin inkeld troch har op it skerpst fan de taal te ferbyldzjen. En wurdgearstallings binne in moai stylmiddel. It binne brekiers yn de taal. Se roppe betsjuttings en assosjaasjes op dêr't de losse wurden net ta by steat binne. Mar tefolle eksoatyske fiskens kinne de seldsume rôzige moannefiskens út byld triuwe. Yn guon gedichten sit troch de ferskate gearstallings foar my krekt wat tefolle patetyk, bygelyks 'in je schervenarchipel' (s. 61):

in je schervenarchipel dynastieën
jouw uitgestrooid diggeloord

in je teerste hardware recreëren
jouw subtropisch porseleinparadijs

jouw blauwbloedige oceaan

uit losse eilanden jezelf bijeenhoppen,
in je mooiste gruzelementen monarchen

Itselde hie ik no en dan mei it heljen fan bylden en termen út it rooms-katolike jargon. No bin ik in roomske jonge en jubelje ik soks yn prinsipe graach ta, mar dochs stroffelje ik oer konstruksjes lykas: 'dit is in haar bisdom sluipen', 'ik kathedraalde je vlug' of 'amenbenemende psalmen'. Oangripend fyn ik dan wol wer de slinger dy't de dichter jout oan it byld fan de piëta. Har barokke 'lustlijf' en de gedachte dat sy as in opblaaspop yn syn earms leechrint, makket him wanhopich (s. 29): 'slinks blaas ik / op haar ventielen, opgeven mag ze pas als ik het van haar vraag'.

Oer Sytse Jansma syn debútbondel *Wa't tate seit moat ek whisky sizze* (2008) fûn resinsint Harmen Wind dat de dichter mear lykwicht tusken foarm en ynhâld fine moatte soe. Ik tink dat Harmen en Roos, de namme fan Sytse's

eardere leafste, earne yn in hjerneimelsfariaasje tegearre in goed glês whisky dronken hawwe op *Rozige maanvissen*, want it is krekt it lykwicht tusken foarm en ynhâld dat dizze bondel sa goed makket.

Nei *Rozige maanvissen* pakte ik Jansma syn foarige bondel *As nomaden yn tinten teplak* (2015) derby. Ik wie benammen benijd nei hokker oansetten ta de poëzy fan *Rozige maanvissen* der al yn dizze bondel sitte. Ien grut ferskil tusken de beide bondels springt daliks yn it each. Yn *As nomaden* giet de poëzy benammen oer de taal sels, de taal los fan de werklikheid. Yn *Rozige maanvissen* wie dat net langer in opsje. Troch it grutte ferlies koe de dichter net oars as him ferhâlde ta dy wrede realiteit en deroer skriuwe. Hoe ferskuorrend de oanlieding ek, it hat de poëzy fan Jansma yn myn eagen op in heger plan brocht. By it werlêzen fan *As nomaden* heakke ik geregeld ôf, wylst de tematyk oars nijsgjirrich genôch is. Apart eins, want tsien jier lyn fûn ik it in moaie bondel. Blykber set de kwaliteit en yntinsiteit fan *Rozige maanvissen* de eardere poëzy yn it skaad, alteast foar my.

As nomaden begjint grut en meislepend mei de âlde en altyd noch aktuele oprop oan alle Friezen: 'o fryslân! de wrâld!' (s. 12). Krekt as Douwe Kalma smyt Jansma de Friezen har beheinde blik foar de fuotten. Wêr't dy missydriuwe komt, wurdt yn it earste skift net daliks dúdlik. Boppedat, oars as Kalma rjochtet Jansma him mei syn motyf 'Fryslân en de wrâld' net op it Angelsaksyske en it Skandinavyske, dêr't Fryslân yn de eagen fan Kalma in brêge tusken foarmje koe, mar op Berlyn. Mei in fariaasje op it 'Ich bin ein Berliner' fan Kennedy – 'berlyn bin ik' (s. 14) – soe de dichter alle Friezen graach ûnderdompelje wolle yn Prusysk blau (s. 16). Wêrom eins? Is it omdat blau yn de kleuresymbolyk faak stiet foar frijheid, romte en ûneinichheid? Dat soe de folgjende strofe yn it lêste gedicht fan it earste skift ferklearje:

joeri gagarin treaste de wrâld
mei in blauwe planeet (s. 16)

Opfallend is dat dit Prusysk blau weromkomt yn *Rozige maanvissen*. Ik sitearre it earder al (s. 39): 'en de aarde, pruisisch en blauw // blijft maar walsen / om haar eigen as'. Mar oars as it Prusysk blau yn *As nomaden* dat foar frijheid en romte stiet, is dat fan *Rozige maanvissen* ôfstannlik en heart it by de ûnferskillige finzenis fan de ierde dy't docht as is der neat bard.

Yn it twadde skift fan *As nomaden* wurdt de oprop oan alle Friezen eksplisiter makke. It blykt te gean om it talitten fan de ferbylding. Bylden ivich op reis wurde 'ferhaksele' yn minsklike kokers fan persepsje. It is de keunst om se 'as nomaden yn tinten teplak' te bringen, sadat se har beweechlike reizgersaad net kwytretsjje (s. 20). De dichter ferset him dêrom tsjin de geasten dy't

harsels opslute yn byldwurken fan eigen gelyk: 'ferlit dyn djiplizzend slave-skip', 'urk wat minder op sneinen' en 'stap út dyn pilatus pas' (s. 26). De nomade as metafoar foar de taal oer grinzen hinne. Dêrom hjit it twadde skift ek 'De dûanier útskeakelje'. It is de dichter dy't mei syn poëzy noed stean moat foar de iepen blik, it grinzeleaze, dat Jansma yn Fryslân blykber te faak mist (s. 36):

foar de barabbassen fan fryslân
draach ik dizze taal
as fluch stik matse
as bleate batseba
as kristus de dichter

Dat is klear taal! En dy krijt dêrnei yn trije skiften (of 'skippen') syn beslach: *landscapes*, *bodyscapes* en *seascapes*. Ik fyn eins dat Jansma syn poëzy yn dy parten te faak in foarm fan ferbale powerplay oannimt. Miskien komt dat omdat er him foarnaam hat de sletten byldbouwurken fan de lytse geasten te slopen. Mar de taal fan nomadetinten stel ik my dochs krekt wat subtiler foar as de orakeltaal yn passaazjes as dizze:

op minmânske dûnsjûnen ferriedt de dea syn grappen
fan papaverklappen is syn paraaf in greidetotentanz (s. 48)

it peloton prismamilitêren sjongt syn ierske slogans (s. 50)

mar ûntankber is it drama-islam fan jim gejammer (s. 62)

Boartlik, klankryk en assosjatyf, jawis. Mar rekket it? My net al te bot. Ik bin it hjir iens mei wat bygelyks Rieuwert Krol yn *Ensafh* (maaie 2009) oer Jansma syn poëzy skreau: dat er de taal as skilder of gitarist hantearret, mar dat te min ta utering komt wat poëzy ta poëzy makket. Krol sei dat oer *Wa't tate seit*, mar it jildt wat my oangiet foar in part ek foar *As nomaden*. Dat fyn ik it grutte ferskil mei *Rozige maanvissen*. Yn eardere bondels slacht Jansma noch geregeld wyld om him hinne. In part fan syn fersen krijt dan mei wurdboarterij en assosjaasjes oerbefolke nomadetinten. Yn *Rozige maanvissen* hat er mear de fokus en de pointe fûn, sûnder dat syn talint foar taalboarterij oan de krapperein komt. It assosjative en boartlike fan syn poëzy wurdt yn *Rozige maanvissen* sa brûkt dat it de finzenis fan it ferlies iepenbrekt en in frijheid tefoarskyn komme lit dy't treastet en romte jout om de ferdwûne leafste by sinnen te swimmen.

Dêrom ta beslút ien fan de moaiste 'hiernamaalsvariaties' út *Rozige maanvissen*, dêr't foar my alles yn sit wat poëzy oer grinzen hinne fleane lit. Tichterby syn muze kin Orpheus net komme:

tikkidunga

zou ze al bijna in tikkidunga?
het theehuis met de bodhiboom?
kamer met bloesenvloer?

zou de waard al zwaaien?
terracotta bloempotten buiten op de trap?
buffelboter in de pan?

zouden de hommels al-holi holi?
haar huid al stuifmeel?
zou ze mij nog? (s. 55)

Sytse Jansma
Rozige Maanvissen, 64 siden
Utgave: Utjouwerij Atlas Contact, Amsterdam, 2024
ISBN/EAN: 978 90 254 7305 1
Tal siden: 64
Ferkeappriis: €21,99